

■ Tekst 1 Rottweilers

- 3p **1** Wêr docht út bliken dat meester Vrijbouter ûnotterdoks wie? *Brûk net mear as 10 wurden.*
- 4p **2** Yn alinea 3 en 4 wurdt de kat beskreaun. Neam twa eigenskippen út dat tekstpart dy't net oerienkomme mei it natuerlik aard fan it bist.
- 6p **3** Lis dúdlik út wêrom't in liuw in ideaal húsdier wêze soe en in kat eins net. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 3p **4** ■ Hoefolle minsken wurde elk jier biten troch har eigen rottweiler?
A 12000.
B Mear as 2400.
C 2400.
D Minder as 2400.

Bewearing 1: Neffens de skriuwer is de rottweiler net geskikt as húsdier, omdat er in te grutte bek hat.

Bewearing 2: Neffens it regear is de rottweiler net geskikt as húsdier, omdat er in te grutte bek hat.

- 4p **5** ■ Hokker bewearing(en) is/binne wier?
A Allinne bewearing 1 is wier.
B Allinne bewearing 2 is wier.
C Beide bewearingen binne net wier.
D Beide bewearingen binne wier.

De folgjende ynliding heart by de fragen 6 o/m 8:

Yn in tekst kinne de folgjende soarten ferbannen in rol spylje: ferlykjend ferbân, foarweardlik ferbân, konkludearjend ferbân, opsomjend ferbân, redenjouwend/oarsaaklik ferbân, tsjinstellend ferbân.

- 3p **6** Hokker soarte ferbân bestiet der tusken alinea 5 en 6?
- 3p **7** Hokker soarte ferbân bestiet der tusken alinea 5 en 6 oan 'e iene kant en alinea 7 oan 'e oare kant?
- 6p **8** Hokker soarte ferbân bestiet der tusken it tekstpart alinea 5 o/m 8 en it tekstpart alinea 9 o/m 13? Ljochtsje dyn antwurd ta. *Brûk net mear as 25 wurden.*
- 4p **9** Hokker twa betingsten wurde yn alinea 13 neamd? *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 3p **10** Hokker hûnerassen wurde yn de tekst neamd?
- 3p **11** ■ De skriuwer
A is it foar in part iens mei de rottweilerbazen.
B is it folslein iens mei de rottweilerbazen.
C is it folslein ûniens mei de rottweilerbazen.
- 6p **12** Wat is de haadgedachte fan tekst 1? *Brûk net mear as 10 wurden.*
- 3p **13** ■ Ta hokker tekstsoarte heart tekst 1?
A Utiensetting.
B Skôging.
C Riddenearring.

Tekst 2 Simmerske lûden oer Fryske sporten

De skriuwer makket trije krityske opmerkingen yn ferbân mei de troch de redaksjes keazen sporten.

- 6p **14** Hokker opmerkingen binne dat? Helje dyn antwurd út alinea 1 en 3. *Brûk net mear as 30 wurden.*

Neffens de redaksjes fan de Ljouwerter Krante en Omrop Fryslân spylje by Fryske sporten 'folklore en regionale sentimenten' in grutte rol. Breuker neamt noch twa saken dy't typearjend binne foar Fryske sporten.

- 4p **15** Hokker saken binne dat? Helje dyn antwurd út alinea 4.

'mar dat ... Teake Triemstra' (rigels 34-36).

- 3p **16** Mei wat foar oantreklik opsicht út alinea 5 komt dat oerien?

De earste sin fan alinea 6 ('By de ... dêrom minder?') bestiet út in konstatearring en in fraach.

Bewearing 1: De rest fan alinea 6 jout in neiere útlis by de konstatearring.

Bewearing 2: De rest fan alinea 6 jout antwurd op de fraach.

- 4p **17** Hokker bewearing(en) is/binne wier?

- A Allinne bewearing 1 is wier.
- B Allinne bewearing 2 is wier.
- C Beide bewearingen binne net wier.
- D Beide bewearingen binne wier.

In drôchreden dy't wol gauris brûkt wurdt, is de generalisaasje. It tsjinoerstelde bart soms ek: in eigenskip dy't tige algemien is, wurdt eksklusyf taskreaun oan ien of inkele persoanen, groepen of kategoryen.

- 7p **18** Yn hokker twa alinea's fan tekst 2 is dat it gefal? Motivearje dyn antwurd. *Brûk net mear as 80 wurden.*

- 3p **19** De skriuwer wol mei dizze tekst

- A in stelling bestride.
- B in stelling ferdigenje.
- C in stelling nuansearje.

Neffens de redaksjes fan de Ljouwerter Krante en Omrop Fryslân spylje by Fryske sporten 'folklore en regionale sentimenten' in grutte rol.

- 6p **20** Hoe tinkt Breuker dêroer?

- A Dêr is Breuker it mei iens; hy soe graach wat oan de sitewaasje fan de Fryske sporten feroarje wolle.
- B Dêr is Breuker it mei iens; hy wol de sitewaasje fan de Fryske sporten lykwols graach hâlde sa't dy is.
- C Dêr is Breuker it net mei iens; hy soe lykwols graach wat oan de sitewaasje fan de Fryske sporten feroarje wolle.
- D Dêr is Breuker it net mei iens; hy wol de sitewaasje fan de Fryske sporten graach hâlde sa't dy is.

Tekst 3 Stimulânsen om Frysk yn 'e rjochtseal te brûken strienedich

- 31p **21** Meitsje in gearfetting fan de tekst. Soargje derfoar dat de haadgedachte fan elke alinea dúdlik nei foaren komt. Beskriuw de besteande sitewaasje, neam de maatregels dy't al nommen binne en de maatregels dy't winsklik binne. *Brûk net mear as 200 wurden.*